



FERTIER OP SKIER

(Vertier op Schier)

Komyske thriller yn trije bedriuwen

fan

NICO TORRENGA

Fryske oersetting fan

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **FERTIER OP SKIER** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NICO TORRENGA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2021 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **6** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSONAAZJES:

Jan van Dijk

Bea van Dijk-Schrikkema (syn frou)

*Anna (twillingsuskes)

*Tina

Nel (freondinne fan Tina en Anna)

Bert

**Hillegonda (suster fan Bert)

* Eventueel dûbelrol.

** Kin mei wat lytse oanpassings ek troch in man spile wurde.

DEKOR:

It toaniel is in wenkeamer fan in fakânsjehúske op Skiermûntseach. Ynrjochte mei in ienfâldige sithoeke en ythoeke. Links in doar nei de kelder, rjochts in doar nei de sliepkeamers. Yn 'e achterwand túndoarren en dêrneist in ienfâldich keukenblokje. Neist de rjochterdoar in steande kapstok. Fierder in maritime oanklaaiïng. Op de achterwand in doek mei beammen ensfh. Dit yn ferbân mei dúdlik ferskil tusken dei en nacht kwa ljocht.

EARSTE BEDRIUW

(as it doek iepengiet is it toaniel leech. It is foarjier en bûtendoar begjint it al te skimerjen. Jan en Bea ferskine foar it rût. Se sjogge nijsgjirrich nei binnen en komme dan fia de túndoarren op. Jan is ferslave rekke oan 'prank' filmkes op YouTube en sûnt dy tiid hâldt er Bea en de bern gauris foar it lapke. Om him werom te pakken ha Bea en har skoandochter in plan betocht. Hillegonda, Anna en Bert sitte ek yn it komplot. Nel en Tina yn earste ynstânsje net. Belangryk is om it sa te spyljen dat it publyk dit oan it lêst ta net troch hat)

JAN: *(doarpsk type, degelik klaaid, grou postuer, komt op mei koffers, hat in fleske wetter yn 'e hân)* Gelokkich... Wy binne der. Ik bin bliid dat wy de lêste boat noch helle ha. *(sjocht om him hinne)* Moast es sjen, Bea... Wat in moai húske.

BEA: *(doarpsk type, degelik klaaid, hat in grutte tas by har, dizze hat oan de ein in belangrike funksje. Sjocht drok om har hinne, ûndersiket oft alles wol skjin is)* No, dat mei ek wol foar dat jild. Seishûndert euro...Tsjonge noch ta... dat soe ik noait betelle ha foar in wykeintsje fuort.

JAN: *(suchtet)* Begjinst no fuort wer te seuren oer dat jild? Wês toch ris tefreden en sjoch in jûn hynder net yn 'e bek!

BEA: Wa seit dat ik net tefreden bin? Ik wie like leaf mei de bern nei in restaurant gongen, of in dei nei Appelskea of sokssawat... *(noartsk)* Stjoere se ús in lang wykein nei Skiermûntseach... Hoe betinke se it!

JAN: Wat bist ek ûntankber. Besykje no gewoan te genietsjen. *(pakt har beet)* In hiel wykein tegearre yn in romantysk fakânsjehúske. Wat wol in mins noch mear? *(tutet har even yn 'e nekke)* In moai stil plakje yn 'e dunen dêr't it gers twa kotsjes heech stiet! Net ien dy't ús heart of sjocht. *(tutet har wer ûndogens yn har nekke)* Dit wurdt in hearlik ûntspannen wykein!

BEA: *(wrot har los)* Ast allinne mar ôfwaaid praat hast, kinst dy better stil hâlde. Oersekste fize âlde keardel.

JAN: Ho, ho... Alde keardel? ...Akkoart! Oersekst? Wa wit, mar ik bin beslist net fiis. Ik ha my fan 'e moarn noch dûst!

BEA: En dat waard tiid ek! Do stonkst in oere boppe de wyn.

JAN: Ei ju, do moatst net sa oerdriuwe!

BEA: Ik oerdriuw net! Jonge, dy sokken fan dy stjonke like bot as de jarrekolk fan boer Durk...

JAN: Net oerdriuwe, Bea!

BEA: Ik oerdriuw net. Dy smoarge wask fan dy is gewoan te fiis om oan te pakken!

JAN: Tsja... it hyt net foar neat smoarge wask. Mar ik wol moarn ek wol skjinne wask yn 'e waskkoer dwaan, hear.. as madam dat leaver hat.

BEA: Hâld mar op mei dat synyske gedoch, lit ús earst it húske mar ris efkes fierder besjen.

JAN: *(suchtet)* Ja... lit ús dat mar dwaan.

BEA: *(docht de doar iepen)* O, sjoch... hjir is de trep nei de boppeferdjipping. Wol spitich dat der ûnder gjin sliepkeamer is. Dêr hat Alinda fansels wer net om tocht. Us Reinder soe dat wol dien ha. Dy wit wol dat mem har knibbels fersliten binne en dat treprinnen in hiel o heden is.

JAN: *(suchtet)* En do bist soms in hiel o heden foar my!

BEA: Moatst hearre wa't it seit!

JAN: Wat ha ik no wer misdien?

BEA: *(lilk)* Oant no ta noch neat, mar ik hâld dy yn 'e gaten, grapmakker!

JAN: *(pleaget)* Do dochst krekt as helje ik altyd grapkes mei dy út! *(nimt in slok út it fleske, spuit it út)* Harrekrastes.

BEA: Wat no wer?

JAN: Wat is dit foar bocht? Grif wer it goedkeapste út de op=op winkel?

BEA: Dat wetter komt gewoan út 'e supermerk. *(foeterjend)* Tsjonge, noch ta... Sjoch no toch ris watst dien hast, moksjes... alles is dweiltrochwiet!

JAN: Wat kin my dat skele, Ik bin ferdoarje heal fergiftige en do makkest dy drok om in wiete flier? *(bestudearet it fleske en set it dan op tafel)*

BEA: Wat is der mis mei dat wetter?

JAN: Jasses... der bewege allegear dingen yn.

BEA: Ei ju, dat kin ommers net. Dit is gewoan suver bronwetter en it fleske wie noch net iens iepen.

JAN: No, sa suver is it oars net, hear. Do witst ommers noait wat se der yn 'e fabryk mei útfûn ha... Sjoch sels mar ris. *(Jan hinget der earst sels boppe, dan sjocht Bea. Jan knypt yn it fleske en spuitet wat wetter yn it gesicht fan Bea. Jan slop fan laitsjen)*

BEA: Ferdoarje, Jan... hâldt toch ris op mei dy flauwe grappen fan dy. Ik bin hielendal wiet.

JAN: *(laket)* GRAPKE!!!

BEA: *(lilk)* Klier! Sûntsto op YouTube fan dy filmkes ûntdekt hast mei dy jongelju dy't kontinu in oar skrikke litte en foar de gek hâlde, bin ik hieltyd de klos.

JAN: *(jout har in handoekje)* Mar do bist ek sa'n maklik slachtoffer en dy reaksjes fan dy binne geweldich!

BEA: No, no... wat ha wy in wille!!

JAN: Sa'n filmke is toch leuk foar de bern?

BEA: Foar de bern miskien wol, mar om it no nei al dyn WhatsAppfreonen te stjoeren dat giet my te fier, Jan van Dijk! Ik doar hjir yn it doarp amper noch de dyk út.

JAN: *(ferûntskuldigjend)* Och, se witte ommers wol dat it in grap is.

BEA: Wachtsje mar, jonge... Der komt in dei dat ik dy werom pak, en do kinst der fan op oan datst dy dat noch lang heuge silst!

JAN: *(laket)* No, dan silst wol in hiel goed plan betinke moatte, want do hâldst my net samar foar de gek! Boppedat bisto net in goede toanielspylster en lige kinst ek net!

BEA: Wy sille sjen... Asto my dit wykein mar gewurde litst. Gjir flauwe grappen dus. Ik wol lekker genietsje fan ús wykeintsje hjir op Skiermûntseach. Wêrom woene de bern eins net mei? Der is hjir ommers plak genôch. Neffens de brosjuere binne hjir acht sliepplakken!

JAN: Leave, wy binne fjirtich jier troud!

BEA: Just! Dat hearre je dan toch ek mei de bern te fieren?

JAN: Hasto net genôch oan my allinne?

BEA: Ik sjoch al fjirtich jier lang alle dagen tsjin dy oan.

JAN: En? Befalt it útsicht dy noch in bytsje?

BEA: Och, wat sil ik sizze... (*sjocht ta it rút út*) De boel is aardich ûnderholden. (*Jan sjocht ferheard*) Wat smaakfoller oanklaaie kin gjin kwea, wat minder keal en wat mear kleur soe ek gjin oerstallige lúkse wêze. (*Jan besjocht himsels yn 'e spegel*) Mar och, sa'n âld gefal hat ek wol wer wat!

JAN: Wêr hasto it oer?

BEA: Dit hûs!

JAN: Wat kin my dit hûs skele! Ik bedoelde oft myn foarkommen dy noch befalt.

BEA: No... (*besjocht him*) Sûnt wannear bisto knipt? En hasto in kleurke yn dyn hier?

JAN: Al sûnt twa wiken!

BEA: (*spottend*) Dus...

JAN: Wat no? ...dus!

BEA: No, gewoan ...dus! Ik fyn it apart datsto dyn hier ferve hast.

JAN: No, de kapper sei dat ik it wol ha koe.

BEA: (*sarkastysk*) Dy hat dy grif in stik âlder ynskatten? (*laket*)

JAN: Echt net!

BEA: Och, fint... do hoechst my neat wiis te meitsjen! Of sitst no yn diel trije fan de penopauze? Dan aanst wer oerdreaun sporte en op dieet, tink? (*ferwitend*) In pear moanne lyn ha ik de keukenkastkes útmjukse en al dy troep fan dyn 45+ faze fuortmitere. Dat leit al in pear jier te ferskimmeln. Sekken fol quinoa en linsied, bussen fol aaiwytpoeier, miksbekers.....

JAN: Dat is foar it herstel fan de spieren!

BEA: En oer wat spieren ha wy it dan? As ik dy sa besjoch hasto net foaroan stien doe't dy útdield waarden!

JAN: As ik nei de sportskoalle west bin dan ha ik altyd sa'n lêst fan de spieren en aaiwiten helpe dan by it herstel.

BEA: Dat jildt allinne foar minsken dy't nei de sportskoalle gean om te sporten en net foar praatsjemakkers dy't allinne yn beweging komme as der in moai mokkeltsje foarby rint.

JAN: Nee, hin... krije we dat jaloerske geseur wer? Ik wol gewoan wer dy jonge fan eartiids wêze... (*slacht syn earmen om har hinne, tutet har*) Ik wol wer dat goddelike lichem ha dêr'tsto eartiids sa fan ûnder de yndruk wiest. (*sjocht har leaf oan*) Witst

noch wol dat ik doe in sixpack hie? Doe't wy jong wiene koest
amper fan my ôfbliuwe en barde der noch wolris wat spannends.

BEA: (*ferheard*) Jonge, doch asjebleaf normaal... wat spannends...
(*synysk*) Wy sjogge tegearre nei Goede Tijden Slechte Tijden en
dat is al spannend genôch! En wat dyn sixpack oanbelanget, dêr
moatst dy mar net drok om meitsje. (*pleagjend*) Dy is der noch
altyd, hear leave.... (*Jan giet even stoer stean*) Hy sit no allinne
ûnder in laachje fet!

JAN: Ik wit ek wol dat ik mei de jierren wat oankommen bin.

BEA: Wat oankommen? (*laket*) Jonge, lit my net laitsje. Yn ús
ferkearingstiid wiest krekt in oanklaaide spiker, dat kin ik no net
mear sizze. It is no earder in pak spikers!

JAN: (*laket*) Allinnich mar mear Jan om fan te hâlden! Ik sis altyd mar
sa... de holle folt him mei wiisheid en ferdielt dat oer it lichem.
Mei de jierren wurde wy dus net grou, mar mear ûntwikkele.

BEA: Do hast dyn praatsjes altyd wol klear. En dêr komt by dat it net
altyd opgiet. Us heit hat altyd sa meager as in roek west.

JAN: Hy wie dan ek net al te snoad.

BEA: Dan wie ús mem dus wol in hiele wize frou!

JAN: Jim mem wie in grutte fretsek. Dy friet it iten fan jim heit der by
op as se it rêde koe! (*Bea sjocht him lilke oan*) O, o... Gjinn kwea
wurd oer memmy! Mar sûnder gekheid ...as ik in skoftke flink op
dieet gean en fanatyk sport dan ha ik samar wer in sixpack
dêr'tsto dyn hannen net fan ôf hâlde kinst!

BEA: (*laket*) Wat bist ek in fantast! De iennige sixpack dy't ik
tsjintwurdich noch yn 'e hannen ha is in sixpack bier dy't ik foar
dy yn 'e kuolkast sette mei... Hâld toch op! Dat goddelike lichem
fan dy bist al in skoft kwyd, mar it gefoel foar humor yn elk gefal
noch net!

JAN: Do bist ek beslist net romantysk, hin? Ik begryp soms net hoe't
ik it al dy jierren mei dy útholden ha. Wy binne wat dat
oanbelanget totaal ferskillend, Bea. Asto A seist, sis ik B. Asto
nei links wolst, wol ik nei rjochts...En yn in diskusje krije wy grif
spul om't wy it noait mei elkoar iens binne!

BEA: Dêr hasto de keutel by it skjinne ein! (*beseft wat se seit,
laitsjend*) Hearst dat? Ik jou dy gelyk! Dus dy teory fan dy kloppet
net hielendal! (*ôf mei koffer*)

JAN: (*pakt ek in koffer op*) Sokke wiisheden kin ik net tsjin op!

(suchtsjend ôf)

HILLEGONDA: *(alternatyf type, komt op mei in doaske fol boadskippen en set dat op it oanrjocht, sjocht even ta it rút út)* O, de nije buorlju binne ek oankommen. *(mobylysje giet, se lêst in whatsapp berjochtsje)* O nee, hin... lit my toch gewurde, fint. *(docht de telefoan yn 'e bûse)* Ik sil earst de oare boadskippen helje. *(giet fia de túndoarren ôf)*

BEA: *(op mei Jan, sjogge beide de boadskippen net stean)* No de keamers sjogge der yn elk gefal kreas út.

JAN: *(fleurich)* Bespeur ik no wat entûsjasme? *(pakt har wer beet)*

BEA: *(triuwt him fan har ôf, skerp)* Asto dy as in oerjierrige hitsige knyn gedragen bliuwst, dan soest noch wolris fan in sljochte reis thúskomme kinne, Jan van Dijk!

JAN: Ik besykje it just in bytsje gesellich te meitsjen, leave.

BEA: *(wantrouwend)* Ja, ja... Ik ken dy langer as hjoed en juster. Wolst even mei my ûnthâlde dat ik anst de ferhierder belje moat oer dat bêd op dat lytse keammerke dat noch net ôfhelle is? Knap sleau, fynst ek net? En dêr betelje ús bern dan sechstich euro skjinmakerskosten foar!

JAN: Hannel is hannel, Bea. Boppedat witte se dat sokke húskes toch wol ferhierd wurde en dan kinne se dus freegje wat se wolle.

BEA: Tsja... en elkenien mar kleie dat wy it hjir sa min ha. Nim no ús Alinda...

JAN: Wat mankearet der no wer oan har?

BEA: *(ferwitend)* Dat fanke hat in gat yn 'e hân. Altyd as ik by harren op 'e kofje kom, is se tafallich krekt even nei de Action, of moat se krekt even in oar boadskipke dwaan.

JAN: *(synysk)* Se is grif foar dy op 'e rin... en jou har ris ûngelyk.

BEA: Ik ha ús Wim wolris frege oft se in hekel oan my hat, mar dan begjint er altyd wat te stammerjen...

JAN: Us Wim stammert altyd... dat hat er fan jim heit urven.

BEA: Us heit stammert hielendal net!

JAN: Hâld toch op, Bea. As jim mem de registers tsjin dy earme âlde man iepenluts, dan klappere syn gebit fan benaudens as in stel kastanjetten dy't in Paso Doble spylje... Sterker noch! It gebit klappere dan sels noch as it nachts yn in bakje op it nachtkastke lei!

BEA: Oerdriuw net sa!

JAN: Ik oerdriuw hielendal net. Dy earme man wie sa ferskriklik benaud foar dy mem fan dy, dat er net iens by har wei doarde te gean. En sis no net dat se gelokkich wiene, want dat is in grutte leagen en dat witsto bliksemse goed.

BEA: No, ja... Se wiene it net altyd mei elkoar iens..

JAN: (*ûnderbrekt har*) Net altyd mei elkoar iens? Mins, yn 'e Twadde Keamer is mear ienriedigens as yn harren húskeamer! Dat se dy noch makke ha kinst suver wol in Godswûnder neame!

BEA: No, ja sis... Dit slacht werklik nergens op. Boppedat wol ik it mei dy net oer it sekslibben fan ús heit en mem ha!

JAN: Nee, lit ús dat mar net dwaan. Allinne by de gedachte al dat jim mem spierneaken, sûnder korset en sûnder steunkousen... (*griist derfan*)

BEA: Hâld mar op!

JAN: Ja, mar do witst dat ik...

BEA: Ophâlde, sei ik! Ik wol it der net mear oer ha... begrepen?

JAN: (*saluearret*) Ja, baas!

BEA: En ha de gek net mei my.

JAN: Nee, baas! (*Bea sjocht him lilke oan, Jan laket*) Leave... ik pleagje dy mar wat.

BEA: Dat wit ik wol, ju. En ik wit ek wol dat mem in dominant type wie en dat heit alles die wat se him opdroech... Mem hie no ien kear de broek oan. Gelokkich is dat mei ús wol wat oars, no leave? (*strang*) Kom, wy pakke earst de koffers út. (*dominant*) No! (*giet ôf*)

JAN: (*sarkastysk*) Ja, leave... Gelokkich is it by ús hiel oars! (*suchtsjend ôf*)

TINA: (*it toaniel is even leech, dan komme Nel en Tina foar it rût. Tina is in senuwachtich type, degelik klaaid, komt op fia de túndoar*) Hallo? Is dêr ien? (*rint senuwachtich nei binnen*) Ik miende toch echt dat ik ien rinnen seach, mar ik sjoch neat. Wat tinksto, Nel?

NEL: (*normaal klaaid, wat dominant*) Dat der net ien yn 'e keamer is! Sels in blyn hynder sjocht dat.

TINA: (*ûnnoazel*) Dat kin toch net? Ast blyn bist sjochst ommers

neat... Ek net in lyts bytsje, want oars bist net blyn, dusss!

NEL: Tsjonge noch ta... do bist ek sa'n lantearne sûnder ljocht!

TINA: Ik wit net watsto dêrmei bedoelst..

NEL: Lit mar. (*wat leven achter de kûlisen*)

TINA: Wat wie dat?

NEL: Wit ik it! Miskien de hierders fan dit húske?

TINA: (*senuwachtich*) Of ynbrekkers! Kom, wy moatte hjir wei en de plysje belje!

NEL: Mins, doch net sa hystearysk... Do stiest ommers sels yn in oar syn húske... Dus wa is hjir no in ynbrekker?

TINA: Hoe moat ik dat no witte? Ik sjoch net ien, dus...

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



info@toneeluitgeverijvink.nl



072 5112407



“Samenspelen” is ons motto